

Tsjil

Jiergong 27 | nûmer 8 | juny/july 2024

Sjong junior

Sels iis meitsje

Berneiepenloftspul

Ynhâld

Kom fierder 3

Gedicht 4

Keunstner yn dy 5

Linkke Side 6-7

Sjoch my 8-9

Koart ferhaal 10-11

Tsjil nijs 12-13

Tsjek dit 14-15

Net te leauwen 16

No sa! 17

Der op út 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20


4



6



17



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil

ISSN: 1389-348X

Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde
It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassepakket útjûn.

De redaksje fan Tsjil hat besocht om
fêst te stellen wêr't byldmateriaal
weikomt om de fereaske
tastimming foar publikaasje te
krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten
te hawwen, kin kontakt opnimme
mei tsjil@cedin.nl.



Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Ha goeie

De simmerfakânsje stiet foar de doar. Dat betsjut tiid om út te sliepen, te tsjillen, te gamen, te lêzen, der op út te gean en let op bêd te gean. Wat in hearlik foarútsjoch! Foar't it safier is, moatte jim it skoaljier noch eefkes ôfslute fansels. Takom jier nei in oare groep of miskien wol in oare skoalle. Ast op de basisskoalle bliuwst, kinst nei de simmer wer in nije Tsjil lêze. Ast nei it fuortset ûnderwiis giest, krijst by it fak Frysk de LinKk yn hannen. Beide kearen trefst it, want beide tydskriften krije in nije look!

Wa't it sa oan 'e ein fan dit skoaljier hiel drok hawwe, binne de spilers fan it berneiepenloftspul yn Easterwierrum. Hast al twa spilers op de foarkant fan dizze Tsjil sjoen en op side 8 en 9 kinst in ynterview mei harren lêze.

In noflike simmerfakânsje tawinske!!



Groetnis, Tjitske

Lytse Pier & de flok fan it Berneiepenloftmuseum

BIS spilet dit jier 'Lytse Pier en de flok fan it berneiepenloftmuseum' wat in bewurking is fan de film 'A Night at the Museum' is. De besikers wurde yn dit ferhaal meinaam nei it Berneiepenloftmuseum yn Fuottenein. In museum fol karakters dy't wat betsjutten hawwe foar de Fryske kultuer, mar..... der is wat mei dat Berneiepenloftmuseum. It is in museum dêr't, sa gau't de klok middernacht slacht, de museumstikken ta libben komme. De museumstikken dy't oerdeis keurich op harren fuotstik stean, mar yn 'e nacht harren âlde rom en ear herinnerje. En se komme net allinne ta libben, se wolle der út om yn 'e wrâld fan 2024 ek harren rol te spyljen, om de rike Fryske kultuer dêr't se diel fan útmeitsje te ferdigenjen tsjin alles wat dy kultuer bedriigje wol! Museumstikken dy't nachts ta libben komme. Spannend! Mar doocht dat wol? De besikers sille mei al dy nijsgjirrige Fryske kultuerfigueren yn 'e kunde komme. Dat wurdt hiel learsum, mar ek hiel dwaas en bespotlik.



Simmer yn Fryslân

Koweblomkes yn it grien
de himel strieljend blau
tsjin de tiid dat 'k bûten bin
berint de loft wer gau

De middei brekt yn twaen
fan sêft giel nei leadgriis
drippen op 'e tegels
in sleat fol iennachtsiis

Is dy wolk no healleech
as hjit soks no healfol
Simmer yn ús Fryslân
ik haw it op in pypfol



Fryslân op de kaart

Wêr yn Fryslân hasto allegear west? Wat binne dyn favorite plakjes? Of wat is dyn kreatyfste fantasij? Is dat in moai natuergebiet, of in bysûndere mearkesetting? Kinst der sporte of miskien noflik strune troch in kabouterdoarp? Dyn favorite plak kin echt wêze mar ek bestean yn dyn fantasij. Lit it mar sjen op in ansichtkaart. Dy kaart kinst nei dyn âlden, pake en beppe of freonen stjoere, mar miskien is it noch moaier om dyn kaart op te stjoeren nei ien bûten Fryslân. Dan kinne sy ek yn dyn Fryske of fantasijwrâld stappe.

Oars sjen

*Sjoch - yn dyn gedachten - om dy hinne.
Wat binne dyn favorite plakken?*

Doar te fielen

Kies ien fan dizze plakken út. Wat is hjir allegear te sjen of te belibjen? Hoe fielst dy dêr? Kinst der allinnich wêze of hast allegear minsken om dy hinne?

Helder tinke

*Nei wa soest in kaart stjoere wolle?
Is dat immen dy't fier fuort wennet of
just immen dy't tichteby is? Wat soest
dyjinge sjen litte wolle?*

Gewoan begjinne te meitsjen

*No'tst witst nei wa'tst de kaart stjoere
wolst, kinst dêr dyn ûntwerp op
oanpasse. Kinst dy grif foarstelle dat
in ûntwerp foar pake en beppe der
oars útsjocht as foar dyn freonen.
Wêr wolsto mei wurkje? Silst tekenje
mei potlead of stiften, knipst plaatsjes
út in tydskrift of hiel wat oars?*



No'tst witst watst sjen litte wolst, hokker materialen ast brûke wolst en foar wa't de kaart is, kinst begjinne. Ferjit net om der 'Groetnis út.....' op te setten. Sa kin de ûntfanger fan dyn kaart dêr ek ris hinne gean, yn it echt of yn syn/har fantasijwrâld.

It swarte goud yn films en searjes

It Frysk hynder is it âldste hynsterras fan Nederlân. Al yn de 13de iuw waard der oer it swarte bist skreaun. En de Fries sprekt noch hieltyd ta de ferbylding. Ek yn Hollywood: it bist spilet in rol yn in soad films en searjes.



The Legend of Zorro

Yn dizze film skitteret de Fryske hynst Ariaan. It bist wie destiids fan Haye Attema út Makkum. Ariaan spile Tornado, it hynder fan Zorro. De filmmakkers kamen Ariaan op it spoar fia de website fan Simon Attema, de soan fan Haye Attema. Hy wennet yn Amearika en biedt op syn website *Fryske hynstefan* syn heit te keap oan. Ariaan hat rare toeren úthelje moatten mei Zorro op syn rêch. Sa moast hy út in brânende skuorre drave. Gelokkich waard it bist goed traïnd troch in echte filmtrainer. Ariaan libbet net mear, hy stoar yn 2023.

The Wheel of Time

It twadde seizoen fan dizze searje op *Prime Video* is yn 2023 ferskynd. Ek hjiryn skitteret it swarte goud. Aktrise Rosamund Pike spilet Moiraine. Yn seizoen 1 rekke har personaazje ferwûne en moast se dagenlang op 'e rêch fan in hynder meidroegen wurde. Dat aktear-aventoer woe se eins wol oerslaan. Dêrom keas se foar in stuntdummy. In pop dus! Dat hie as gefolch dat har tsjinspiler Daniël Henney, dy't Lan spilet, op in Frysk hynder troch de bosk riedt wylst er in pop fan hast 40 kilo beet hie! Sjochsto dat dy frou net echt is?

Alexander

Yn dizze film spylje twa Fryske hynders de rol fan Bucephalus. Dat is it wrâldferneamde hynder fan Alexander de Grutte. Alexander wurdt yn dizze film fertolke troch Colin Farrell. Hy skynt de hynders sels beriden te hawwen by de opnames. Knap, want yn de gefjochten rydt er faak sûnder sadel!



er op it wite doek



Game of Thrones

Yn *Game of Thrones* sitte in soad hynders. Moatst dus goed dyn bêst dwaan om de Friezen te spotten, mar se sitte der echt yn. De hynders wurde net allegearre goed behannele yn it ferhaal. Guon wurde slachte en der wurdt sels in hynstehert opiten...Jak!

The Hunger Games: Catching Fire

Yn dizze film spylje njoggen Fryske hynders. Yn de sêne 'the parade of tributes' lûke sy brânende koetsen. Alle hynders binne fan de famylje Paagman. Sy wenje yn Kanada, mar komme oarspronklik út Nederlân. Gerard Paagman krige yn 2011 in telefoantsje fan in produksjemaatskippij: oft syn hynders brûkt wurde mochten foar *The Hunger Games*. 'The Hunger Games? Wy hiene gjin idee... Mar doe't wy it de bern fertelden, begûnen se direkt te springen en te razen. 'Trije wiken lang wiene de hynders op de set. En de trije bern fan de famylje Paagman? Dy mochten figurearje!

The Chronicles of Narnia

Wabe is it Fryske hynder dat te sjen is yn de films *The Chronicles of Narnia*. It hynder libbet net mear, it stoar yn july 2015 op 24-jierrige leeftiid. Wabe waard berne yn Nederlân, nei in pear jier yn Skotlân libbe er syn fierdere libben yn Nij-Seelân. Dêr begûn syn karriêre as filmhynder. Wabe skittere yn in soad produksjes. Hy stie graach yn 'e spotlights. It wie krekt as wist er wannear't er folge waard troch in kamera of publyk. Dan pronke er noch mear!

Prince of Persia: Sands of Time

Yn *Prince of Persia* skitterje ferskillende hynsterassen. Ek in stik as wat Friezen. Sa rydt haadrolspiler Jake Gyllenhaal op in Fries. De hynstewrâld hie hjir in protte krityk op. Want in Frysk hynder yn de woestyn, dat kin hielendal net. It ras soe yn de hitte net oerlibje kinne. De filmmakkers hiene better foar in Arabier kieze kinnen.



Wat makket it Frysk hynder sa populêr?

Fryske hynders binne om meardere redenen populêr yn de filmwrâld. As earste fansels fanwege harren ymposante ferskinning. Fryske hynders hawwe in útstrieling dy't oare hynders net hawwe. Se hawwe in bepaalde steatlikens (statigheid) oer har. En dat se swart binne is ek in populêre eigenskip. Fansels is it foar de filmmakkers ek handich dat Friezen in rêstich karakter hawwe en goed lústerje kinne.



Sjoch my

Berne-iepenloftspu yn de hûd



Yn it pittoreske Easterwierrum, tusken de griene fjilden en ûnder in wolkeleaze himel, steane twa jonge stjerren, Mirthe en Age, klear om te repetearjen en om aanst te skitterjen yn it Berneiepenloftspul. Se binne har oan it tarieden op in unike teäterfoarstelling, *Lytse Pier en de flok fan it berneiepenloftmuseum*, in libbene ferzje fan de populêre film *Night at the Museum*.

Dit jier wurdt it publyk meifierd nei in magyske wrâld dêr't museumstikken by it slaan fan de klokken om middernacht ta libben komme. Yn it hert fan dit alles stiet *Lytse Pier*, in jonge dy't wrakselet mei sliepeleaze nachten, mei troch de lûde muzyk fan syn heit.

De 11-jierrige Mirthe, dy't yn groep 7 fan de Gielgourde yn Mantgum sit, is in nijkommer yn it toanielspyljen. Sy nimt mei grut entûsjasme diel oan it ensemble. Se hat in drok libben, se besteget in soad tiid oan hynsteriden en de fersoarging fan har shetlandponny, mar se sit ek op keatsen en kuorbal. En no in nije útdaging op de planken. 'Ik woe al hiel graach toanielspylje, en doe't de kâns kaam tocht ik; ik gean gewoan meidwaan!', fertelt se grutsk.

Age, 12 jier âld, sit yn groep 8 fan de Bûtensprong yn Boazum. Hy is al in feteraan yn de wrâld fan it iepenloftspul. Nei ferline jier de heit fan Pippi Langkous spile te hawwen, nimt er no de yndrukwekkende rol fan Grutte Pier op him. Syn dielname begûn as in grap, mar al gau ûntduts er dat er it dochs wol hiel leuk fûn. 'It spyljen fyn ik it moaist. Bist echt in oar, en dat is sa leuk om te dwaan', leit Age út. Yn syn frije tiid wurket Age by de boer en is er graach ûnder syn freonen, ferfele docht er net graach. 'Ik bin it leafst dwaande.'


I yn Easterwierrum fan in oar

De tariedings foar it stik binne yn folle gong mei repetysjes op woansdeis en sneons. Mirthe en Age fine de repetysjes gesellich en it giet goed om de dûnskes, ferskes en teksten út 'e holle te learen. Benammen Mirthe fynt it noch tige spannend. Mar se is fêstbesletten om har plankekoarts te oerwinnen. 'Ik wie earst leaver taskôger, mar no bin ik benijd hoe't it op it poadium gean sil', seit se hoopfol. Age wie ferline jier, doe't er de heit fan Pipi spile, wol senuweftich'. Mar doe't ik op it poadium stie wie it fuort', seit er. 'Ik hoopje dat it by my ek sa giet!' antwurdet Mirthe.

Neist it aktearjen binne se drok dwaande mei it opnimmen fan in CD, dê't de ferskes fan it stik op fêstlein wurde. 'Dan kinne se letter de ferskes noch harkje', leit Mirthe út, dy't yn it stik ûnder oaren in dramatyske mummy spilet. 'Myn rol is hiel bysûnder, want ik mei ien fermoardzje' laket se.

Age en Mirthe fertelle hoe't it Berneiepenloftspul bysûnder foar harren is. 'It is foaral in grutte freonegroep. Je stypje inoar en dan krije je in noflik gefoel' dielt Mirthe. Se leit út dat meidwaan oan soks je folle iepener meitsje kin. 'Je leare inoar goed kennen en meitsje nije freonen. Ik soe it elkenien oanriede om mei te dwaan.'

Wylst de grutte útfiering yn juny tichteby komt, wurkje Mirthe en Age hurd om har rollen en de dûnskes te perfeksjonearjen. 'Der giet in soad tiid yn sitten om alles út 'e holle te learen', seit Age. 'Gewoan in soad dwaan, en dan witst it op in gegeven momint, lykas by dûnsjen' seit Mirthe, dy't ek op dûnsles sitten hat. Age tinkt deroan om fierder te gean mei aktearjen, it liket him bygelyks moai om mei te dwaan oan in toanielstik yn Wiuwert, dê't er ek wennet. Mirthe wol takom jier sawysa wer meidwaan oan it Berneiepenloftspul.





Wêr silsto eins hinne dizze fakânsje Lobke? Amarins sjocht har freondinne fleurich oan. Moarn sille se op fakânsje. Fiif wiken lang nei Parys! De Eiffeltoer, it Louvre en sels Disneylân! Se hat der sa'n sin oan. Se hat der de ôfrûne dagen al fan alles oer ferteld en Lobke hie oandachtich harke. It falt Amarins no pas op dat se noch hielendal neat wit fan de plannen fan har freondinne. 'Wy bliuwe thús', seit Lobke wat drôvich. 'Sille jimme dan yn de winter fuort of sa?' freget Amarins benijd, mar Lobke skoddet fan nee. 'Jout dochs neat,' besiket Amarins, 'deikes fuort binne ek moai'. 'Wy geane der hielendal net op út, dêr hawwe wy no gjin jild foar seit ús mem.' Dêr hie Amarins noch noait oer nei tocht, dat dat ek kin. Soe dat ek

de reden wêze dat Lobke as iennige fan 'e klasse gjin mobyltsje hat? 'En dan moat ik ek noch útfanhúzje by âlde beppe Wirdum, omdat ús mem wurkje moat. Der is dêr hielendal neat te dwaan. Rotfakânsje!' Ferjustere sjocht Amarins har freondinne nei, dy't fuortrint nei de skommels op it plein. Earme Lobke ...

Disneylân wie fantastysk! Spitich dat se de knuffel fan har leafste film net keapje mocht. Heit fûn dat te djoer, mar fierder wie it geweldich. Jûns dielt Amarins in fotoke mei de klasse. En de iene nei de oare dielt de grappichste, nijsgjirrichste, leukste foto's wer werom. Utsein fan Lobke fansels. Nachts leit Amarins der suver wakker fan. Wat begrutlik foar Lobke! Se moat wat betinke, Lobke moat ek in super fakânsje krije, krekt as alle oaren. Mar hoe? Ynienen wit se it! Stikem slûpt se nei it keukentsje fan de karavan om har mobyltsje fan de lader te pakken. Yn 'e groepsapp fan de klasse skriuwt se: **WEDSTRIID** - *Wa betinkt it leukste fergeze útstapke foar Lobke? Lobke kin der dit jier net op út en elk bern fertsjinnet dochs wille yn 'e fakânsje?! De winner krijt fan my op de earste skoallegei in grauwe reep sûkelade en in bon fan €5,- fan de boartersguodwinkel. Wa docht mei?!*

Amarins kin har gjin bettere besteging yntinke fan de bon, dy't se foar har jierdei krigen hat. No mar hoopje dat de klasse it ek in goed idee fynt. Mei in sucht falt se einlings yn 'e sliiep. De folgjende moarn moatte se der betiid ôf. Se sille nei de Eiffeltoer. Pas yn de metro hat Amarins tiid om nei har mobyltsje te sjen. It reint reaksjes en Amarins kin wol gûle. Allegearre hawwe se it net oan tiid of der binne oare dingen, wêrtroch it gewoan net kin. Underwilens ferfeelt Lobke har blau. Se is krekt it wykein nei hûs west, mar no is it moandei. 'Sorry famke, it is gewoan efkes net oars' hie mem sein, doe't se Lobke by de doar fan beppe ôfsette. Nee dat kloppet! Der is noait wat oars! Alles is allinnich mar itselde. En dat seis wiken lang!

As Amarins wer thús is mei se Lobke fan heit en mem útnûgje. Se meie it lêste wykein in nachtsje sliepe yn de tinte yn 'e tún. Dat is teminsten noch wat! Marshmallows roasterje op de fjoerkoer, skaadfigueren meitsje mei in bûslampe en de hiele nacht gibelje fansels!

En dan is it moandei; de fakânsje is foarby. Dêr komt de freesde fraach: 'En Lobke, hoe wie dyn fakânsje?' freget juf. Amarins dûkt yninoar. 'It wie in superfakânsje!' Amarins sjocht ferheard op. 'Aant Jan hat my meinaam op 'e boat om te fiskjen. En ik haw





in grouwenien fongen! It wie dan wol in beamstam, mar wol in hiele tsjokke hear' laket Lobke. 'Hidde hie in speurtocht troch de wyk útset. Jelma hat my meinaam nei it strân. En mei Mare mocht ik picknicke yn 'e bosk.' 'Wat leaf' seit juf. 'Ja en dat is noch lang net alles hear. Hast elkenien hat by my del west dizze fakânsje! En dat allegearre troch de wedstriid fan Amarins! We hawwe mei de hiele klasse ôfpraat om neat te ferklappen, want ik haw ek noch in ferrassing foar har. Mei ik it pakke?' Juf knikt. Amarins wurdt read. Lobke komt mei in knuffel dy't wol hiel bot liket op dy, dy't se sa graach hawwe woe yn Disneylân! 'Sels makke', seit Lobke grutsk, 'beppe Wirdum fûn it sa skande dat ik my ferfeelde, dat se hat my it naaien leard'. 'Tankewol' stammeret Amarins, wylst

de klasse lûd jûget en applaudisearret. 'Nee do betanke, want ik haw my noch noait sa ryk fielt' flústeret Lobke yn it ear fan Amarins, 'omdatsto myn bêste freondinne bist.'



Nei it lêzen

1. Yn 'e tekst komme in oantal ideeën foarby dy'tst fergees dwaan kinst yn 'e fakânsje. Kinst sels noch mear fergeze of goedkeape dingen betinke om te dwaan dizze simmerfakânsje?

2. Tink ris nei hokker bern ast útnûgje kinst, wêrfan'tst tinkst dat dy wol wat wille brûke kinne. Bepraat dyn gedachten mei dyn skoudermaatsje of yn jimme groepke. Tink bygelyks oan klasgenoaten, freonen bûten skoalle of famylje.

Ast Tsjil op it stuit folgest, dan witst dat it Sjong junior is wat de klok slacht. Acht skoallen ha de ôfrûne tiid hurd wurke oan harren grutte hit. Mar hokker fan dy acht skoallen wurdt de winner en giet op 21 juny mei de beker oan de haal? Wy stelle de acht finalistien oan dy foar!



Sint Radbodus út Dronryp

De earste hit is fuortendaliks in pakkende. De bern fan de Sint Radbodus út Dronryp sjonge oer bûsjild. Wat no as heit en mem bûsjild krije soenen en wannear krijst genôch bûsjild? It is in uptempo nûmer en swingt lekker.



IKC Máxima út Ljouwert

In bysûnder nûmer, want dit nûmer is twatalich. De bern fan IKC Máxima sjonge sawol yn it Frysk as yn it Liwwarders! It tema is de skoalle fan de takomst. Want hoe sjocht in skoalle der oer tsien jier út?

OBS De Brêge út Skarsterbrêge

It is foar dizze skoalle de twadde kear dat se yn de finale stean. Twa jier ferlyn songen se oer de takomst, mar diskear sjogge se minder fier foarút. Se sjonge nammentlik oer earlikens en wêrom't dat sa belangryk is.



Thrimwalda út Gytsjerk

Dizze fantastyske groep sjongt oer iten en oer wa de rockstar fan de keuken is. Fan fisk mei sipels oant in creme brûlée mei hite brij. In lekker dance nûmer mei in tikje rock. Smulle!

Dr. J. Botkesskoalle út Damwâld

Dizze skoalle gie oan 'e slach mei it tema frijheid. Frijheid hat in hiel soad ferskate betsjuttingen en ek it ferske fan de Dr. J. Botkesskoalle beljochtet twa kanten. In wat rêstiger nûmer mei echt in prachtige tekst!



St. Jozef fan De Lemmer

Wat soe der barre asto neat mear fuortsmite meist? De bern fan de St. Jozef fan De Lemmer sjonge oer in bern dat de moadetrends net folgje wol en fan âlde klean nije kleanstikken makket. In hearlike meisjonger!

It Haskerfjild fan De Jouwer

Witsto wol wa't smoarge Siemen is? Siemen is de haadrolspiler yn dit nûmer fan de bern fan It Haskerfjild. Lekker bûten boartsje en smoarch wurde, dat is it tema fan dit ferske. Lekker eighties!



De Twiner út St. Jabik

Ek dizze skoalle stiet foar de twadde kear yn de finale. Se sjonge oer stress en datst yn dizze tiid best stressbestindich wêze moast.

Stik foar stik goede kânshawwers!

Tip foar juffen en masters

De ôfleveringen fan SjONG junior binne te sjen fia it YouTube-kanaal fan Tsjil.

Tip foar de masters en juffen: by it online programma wurdt dit jier foar it earst ek lesmateriaal beskikber steld. Mei dat lesmateriaal wurkest oan muzyk, Frysk, filosofy en boargerskip. Sjoch dêrfoar op www.sjong.frl.



Dogge jim al mei oan Tsjil Tsjekt? Tsjek tsjil.omropfryslan.nl

Tsjek dit!



Noarderljocht yn maaie

Yn de nacht fan 10 op 11 maaie wie der prachtich noarderljocht te sjen. Gewoanwei moastst oan de seedyk by de Waadsee of op de waadeilannen wêze om it te sjen, mar no koest it hast oeral yn Nederlân sjen. Net altyd mei it bleate each mar seker wol mei in fotokamera. Noarderljocht wurdt feroarsake troch de sinne. Dat neame se sinnestoarm. As de dieltsjes fan sa'n stoarm de ierde passearje, ûntstiet der noarderljocht. Spektakulêr om te sjen! Der liket kâns dat der dit jier faker noarderljocht te sjen is, mar dat kinne se pas in pear dagen foar dy tiid sizze. It noarderljocht kinst allinnich sjen as it tsjuster is, dus net te betiid op bêd yn de fakânsje!

Lyts muntsje fan mear as in miljoen euro



Hoe kinst oan genôch fakânsjild komme? In baantsje sykje of bûsjild krije? Ja, mar mei hiel wat gelok fynst in muntsje dat in soad jild wurdich is. In muntsje út 1891 mei in ôfbylding fan Keningin Wilhelmina waard ferkocht foar 850.000 euro. Mei de feilingkosten kaam it út op mear as in miljoen. Foar safier bekend binne der fan dit muntsje mar twa eksimplaren. Ien sit yn de kolleksje fan De Nederlandse Bank en it oare wie dus te keap. Dus foar fakânsjild of ekstra bûsjild mar gau sykje nei oare âlde muntsjes...



Eise Eisinga en syn planetarium

Dit jier is it 250 jier lyn dat de ferneamde Fries Eise Eisinga it idee krige om in planetarium te meitsjen. Yn 1774 wie der in seldsume konjunksje fan de planeten Jupiter, Mars, Venus, Mercurius en de moanne. Konjunksje hâldt yn dat se foar it each ticht byinoar steane. Der wiene doe minsken dy't tochten dat de ierde fergean soe troch dizze konjunksje. Eisinga woe mei syn planetarium sjen litte dat dat net wier wie. It planetarium fan Eisinga yn Frjentsjer is der noch hieltyd, sa't jim yn in eardere Tsjil lêzen hawwe. In moai tripke yn de simmerfakânsje!


Skipswrak by Flylân fûn: de UK58?



Yn jannewaris 1966 ferdwûn de kotter UK58. Fan it fiskersskip en de bemanning (fiif man) is nea wer wat fûn. Oant no miskien. Nei it meitsjen fan sonarbylden fan in wrak ten noarden fan Flylân ha minsken fan de *Stichting Onderzoek Maritiem Vermisten* (Stichting OMV) yn maaie besocht om mei dûkers it skipswrak te finen en te identifisearjen. Troch rûch waar koe dat net. Se wolle dizze simmer wer sjen en hoopje dan te witten te kommen of it de UK58 is. Miskien kinne se sels de oarsaak fan de ferdwining fine en dat soe foar de famylje fan de bemanning hiel goed wêze.

Fleantúch op wetterstof?

De Nederlânske fabryk *Fokker Next Gen* wol tegearre mei de Letse loftfeartmaatskippij *airBaltic* in fleantúch foar sa'n 120 oant 150 passazjiers ûntwikkelje dat fljocht op wetterstofgas. *AirBaltic* soe dan hiel skjien en CO2-neutraal fleane kinne. It fleanberik soe sa'n 2500 kilometer wêze moatte. De motors moatte hybride wêze sadat by ûntbrekken fan wetterstof ek flein wurde kin op kerosine. Op dit stuit wurdt praat oer it yn tsjinst nimmen fan dizze fleantugen om 2035 hinne.



Wat te doen in Friesland



Utstapkes yn Fryslân

Bliuwst dit jier yn de simmerfakânsje yn Fryslân, lykas Lobke út it koarte ferhaal yn dizze Tsjil? Dan ha wy hjir foar dy ek noch in website mei aktiviteiten, sjoch mar ris op www.dagjeweg.nl. Wa wit fynst der wat aardichs om te dwaan.



Omrop Fryslân: Simmer yn Fryslân

Yn de simmerfakânsje reizgje de minsken fan Omrop Fryslân troch de provinsje Fryslân om ferslach te dwaan fan nijsgjirrige en aardige aktiviteiten. Doarpsfeesten, moaie tripkjes, neat is te gek. Hasto ideeën of jimme doarp? Fertel it Omrop Fryslân. Dat kin simpel troch dyn aktiviteit oant melden op de website fan Omrop Fryslân: Simmer yn Fryslân. Scan de QR-koade.



Swimme yn Fryslân

Hjir in moaie website mei swimplakken yn Fryslân: iepen wetter of swimbaden. Der steane hiel wat op [Visit Fryslân](http://VisitFryslân.nl). Foar de fans fan iepen wetter is der ek in website mei geskikte swimplakken yn hiel Nederlân.



www.zwemwater.nl



Libellen en juffers

Ik tink dat elkenien wolris in libel fleanen sjoen hat. En juffers? Dy ek? Witte jimme wol dat der in ferskil is tusken in libel en in juffer?

In libel (net Libelle, want dat is in tydskrift) hjit offisjeel 'echte libel' en is it maklikst te werkennen oan de wjukken dy't yn rêst heaks op it liif steane. In juffer hat de wjukken yn rêst (meast) by it liif lâns teard. Der binne yn Nederlân 65 soarten libellen en juffers te finen. Gjinien fan dizze soarten is gefaarlik foar minsken, útsein dan datst der gefaarlik fereale op wurde kinst...

Beekpronkje

Ien fan de moaiste soarten juffers yn Fryslân is it Beekpronkje. De Fryske namme past perfekt by dizze juffer. Dizze soort silst net hiel faak yn Fryslân oantrefte. In goed plak om se te finen is by de fisktrep yn de Linde oan de Madenwei by Aldeberkeap. De Beekpronkjes hâlde fan skjin,

helder en stadich streamend soerstofryk wetter, benammen op plakken dêr't der gjin beammen oer it wetter hingje dy't skaad meitsje. By dizze juffers, se binne ûngefear 45-48 mm lang, binne de mantsjes metallic blau mei in swarte bân op de wjukken en binne de wyfkes metallic grien. De wyfkes kinne har fanwege dizze skutkleur ek hiel goed ferstopje tusken de reidstâlen. De mantsjes binne faak prima te sjen as se by net folle wyn, of wynstil waar, boppe it wetter dûnsje om de wyfkes te ymponearjen en om har territoarium te ferdigenjen. Se binne it maklikst te finen tusken ein maaie en augustus, mei as hichtepunt de moannen juny en july. En ast se fûn hast ferjitst dat grif noait wer!

It lykje wol glânzjend blauwe flinters dy't boppe it wetter dartelje. Hja hawwe in folle sierliker flecht as de oare juffersoarten dy't wat in hoekiger wize fan fleanen hawwe.

Mini pronkjes

As in juffermantsje en -wyfke in pearke wurden binne, dan set it wyfke de befruchte aaike ûnder wetter ôf op wetterplanten. As de aaike útkomme, sille de larven mar leafst tsien oant achttjin moannen – ôfhinklik fan de temperatuer – yn it wetter bliuwe oant se grut genôch binne om har te feroarjen yn de prachtige Beekpronkjes dy't wy minsken sa graach sjogge. De juffers libje mar in pear wike as juffer en dan begjint de hiele syklus fan aai oant larve oant juffer wer opnij. Net te leauwen dochs?

Nederlânsk:
Weidebeekjuffers
Latyn:
Pratum Damselflies
Ingelsk:
Banded Demoiselle





Sels iis meitsje

Komt der moai waar oan en hasto altyd wol sîn yn wat lekkers? Meitsje dan ris sels iis! By dit resept hast gjin iismasine nedich mar moast wol efkes in dei foarút tinke. It resept is foar trije poarsjes mar ast de yngrediïnten ferdûbelest, kinst seis minsken bliid meitsje mei dyn sûne sûkelade-iis.

Wat hast nedich?

- 3 bananen
- 2 ytleppels kakaopoeier
- 75 ml molke
- 1 ytleppel nûtsjesmoar (pindakaas)
- kakao nibs of lytse stikjes pure sûkelade
- in blender
- bakje dat yn de friezer kin

Wat moastst dwaan?

Pel de bananen en doch se in dei yn it foar yn in ôfsletten bakje yn de friezer. De oare deis dochst de beferzen bananen yn stikjes yn de blender. Doch de kakao, nûtsjesmoar en in gjalp molke derby en ming it trochinoar. Doch de rest fan de molke yn lytse bytsjes derby en ming in ta in rjemmich gehiel.

Ast kakao nibs hast, skepst dy der no foarsichtich trochhinne. Doch alles yn in bak en lit it fierder in pear oeren opstijve yn de friezer. Ast net wachtsje kinst, kinst it ek as in soarte fan softiis servearje. Kinst it iis fersiere mei plakjes banaan, hagelslach, stikjes amandel of slachrjemme.



Meisto wol in pipermuntsje?

Frysk

Pipermint

Nederlânsk:

Pepermunt

Latyn:

Mentha piperita

Der binne meardere soarten pipermint, lykas King-pipermint, Wilhelmina-pipermint, pipermint-kessentsjes en kaugom mei pipermint. Hokker soart fynsto it lekkerst? En wat kinst noch mear mei mint? Lês gau fierder!

Muntfamylje

Pipermuntsjes wurde makke út de etearyske oalje fan de muntplant, de Mentha piperita. Pipermint is dus in plant. De muntfamylje is al hiel âld en bestiet út meardere soarten mint. Pipermint is de bekendste. Der is ek akkermint, kruzemint, Marokkaanske mint, wettermint, wite mint en sels sûkelademint. De âlde Griken ûntdutsen dat de mint in antyseptyske (ûntsmettende) wurking hat. De pipermint (Mentha piperita) dy't yn 'e genêskunde brûkt wurdt, is in krusing tusken wettermint en kruzemint.



Wêr is mint goed foar?

Utwindich kin de mint helpe by in jûkjende hûd en miggestekken. Plôkje in blêd mint en wriuw oer de miggestek. It fielt earst ferkuoljend en dan ferwaarmjend. Der is ek in poeier te krijen dy'tst derop struie kinst. Munttee kin dy helpe ast mislik bist, pineholle hast of hieltyd skeetsjes litte moatst. Mar it aldermoaiste is, dat mint ek helpt foar konsintraasje en ûnthâld.



Tee


Silsto ek ris in kopke tee drinke fan farske muntbledsjes? Of ytst leaver in pipermuntsje? Miskien is it in idee om in kopke tee te drinken foar in drege les op skoalle. Doch in pear bledsjes mint, likernôch 4, yn in mok, siedend wetter derop en mei in pantsje ôfdekke. 10 minuten stean litte en dan kinst it opdrinken. Kinst fansels ek wat muntbledsjes en in skiifke sitroen yn dyn wetterfles dwaan, lekker fris foar yn it skoft!

Der is noch wol in pas op; drink net alle dagen en ek net tefolle munttee achterelkoar, dat is net goed foar it hiele lichem. En net jûns drinke want it is opwekkend en dan kinst der miskien net fan sliepe.



Aardich om te witten

Wat ek hiel leuk is, is dat de blommen fan de muntplant in soad bijen en hommels oanlûke, wat wer hiel goed is foar de biodiversiteit. Rotten en mûzen hawwe in freeslike hekel oan mint. Dêrom waarden eartiids bledsjes fan de pipermint dellein by it bewarjen fan nôt en tsiis. Dat hold mûzen en rotten út de buert.



Dizze kear in puzel fol mei wurden dy't mei simmerske aktiviteiten te krijen ha. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinste de puzel oplosse? Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy **foar de simmerfakânsje** nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

Sukses!



Mopkes

Anne sit yn de skiekundeles. Har learaar freget: 'Kinste in foarbyld jaan fan yts dat troch waarmte útset en krimpt as it kâld is?' Anne: 'De fakânsje! Simmerdeis hast seis wike, mei krysttiid mar twa!'

Twa gekke manlju sitte yn in boat. Seit de iene tsjin de oare: 'Der sit in gatsje yn ús boat.' Seit de oare: 'Dan meitsje we der dochs noch in gatsje by, dan rint it wetter der dêr wer út.'



Trochstreekpuzel

D	R	A	W	A	K	W	A	A	D	R	I	N	N	E
S	I	N	N	E	B	R	Â	N	S	I	M	M	E	R
F	A	R	R	E	T	Ú	G	L	Y	D	B	A	A	N
B	A	D	M	I	N	T	O	N	W	E	T	T	E	R
J	N	S	L	Ú	S	F	E	K	E	A	T	S	E	N
F	S	E	F	P	P	A	F	R	I	S	B	E	E	W
L	I	L	W	L	I	N	S	U	P	P	E	N	M	I
Y	C	B	E	A	C	H	F	O	L	L	Y	B	A	L
B	H	A	D	N	K	Ú	S	E	E	D	Y	K	R	L
O	T	R	S	K	N	Z	E	S	K	Ú	T	S	J	E
A	K	B	T	S	I	J	F	A	K	Â	N	S	J	E
R	E	A	R	I	C	E	N	O	A	R	D	S	E	E
D	A	K	I	L	K	K	A	M	P	E	A	R	J	E
E	R	J	I	E	A	B	Ú	K	S	K	O	W	E	N
N	T	Ú	D	N	E	S	P	E	E	D	B	O	A	T



Ansichtkaart
Badminton
Barbekjû
Beachfollybal
Búskowen
Fakânsje
Farre
Flyboarden
Frisbee
Glyd baan

Kampearje
Keatsen
Mar
Noardsee
Picknick
Planksile
Seedyk
Simmer
Sinnebrân
Skûtsje

Slûs
Speedboat
Suppen
Waadrinne
Wedstriid
Wetter
Wetterplysje
Wille
Útfanhúzje

Sudoku

8	2			9	5		
9	7	4	2				
	5		4			3	9
4							
	1	8		5	3	7	
5	6					1	8
	4		5	1			9
	9	6		7		5	
			3		7		2

De priiswinner fan de lêste puzel is: **Ninthe Scheenstra** fan **skoalle Loevestein** fan de Gerdyk. Fan herte lokwinske!
De oplossing fan de trochstreekpuzel wie: **Boksebaitsje**. In boksebaitsje is better bekind as in oerstrûper of overall.
Do lûkst in overall oer dyn klean hinne, sadat dizze net smoarich wurde. Dêrom yn it Ingelsk **'overall'**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

DE LÊSTE KEAR

